

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 39 nûmer 6

juny 2009



Redaksje:

Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema
Gerard van Asselt
Atty Scheltema
Dirk-Yde Sjaarda

Adres:

Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731C L Wommels
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein
't Heechhiem 1, 8734 GS Easterein
Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein

tillefoan:

0515-332482
0515-331444
0515-333295
0515-332181
0515-332791
0515-331536

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Immie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Sietske Okkema De Singel 15, 8734HP Easterein
Rudy Dykstra Stapertstrjitte 11, 8731 CA Wommels
Koos Plantinga De Singel 24, 8734 HR Easterein
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332500
0515-332149
0515-332570
0515-333134
0515-332221
06-22916180
0515-332448
0515-332013
0515-333005

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
2^e ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken

Jongereinkommisje:

Rudy Dykstra Dr. Sijpke Stapertstr 11, Wommels
Ab Scheepvaart Geins 24, Wommels
Anco Elgersma Kon. Wilhelminastraat 90, Snits
Fokje Breimer Greate Buorren 13, Kûbaard
Anne Hallema De Singel 19, Easterein
Jan Bouke Bouma Dobbelân 4, Easterein

tillefoan:

0515-852319
0515-332604
0515-851324
0515-331330
0515-332928
0515-532609

funksje:

Foarsitter
Algemiens lid
Sekretaris
Skriuwster
Algemiens lid
Algemiens lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1,2 en 3: Gerrit Terpstra
Koördinator SDS 4 en 5: Ids Boersma
Koördinator Futsal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Anke van Asselt
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwsmma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema 0515-333005 Foarsitter
Ab Scheepvaart 0515-332604 Skriuwer
Klaas Okkema 0515-332221 Coördinator A- en B-junioren
Ab Scheepvaart 0515-332604 Coördinator C-junioren
fakatuere Coördinator D-pupillen en keepers
Robert Hoekstra 0515-331190 Coördinator E-pupillen
Anne Hallema 0515-332928 Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur

Emailadres: Douwe Dirk Reitsma foarsitter douweenietreitsma@hetnet.nl

Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: **www.vv-sds.nl**


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Woansdei 29 july

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**



Fan de redaksje



It seizoen fan 2008-2009 sit er wer op. Alle teams binne ynmiddels útfuotballe. Wy hienen graach sjoen dat jim yn dizze Treffer fan al dizze teams in lyts jierferslachje lêze koenen. Spitich genôch is dat net slagge. Dochs binne wy bliid mei de ferslagen dy 't wy wol krigen hawwe. Sa jout dizze Treffer in moai byld fan in jier SDS. Wij sizze hjirby alle stikje skriuwers tank foar harren reewilligens.

De Trefferredaksje nimt no ek efkes frijôf en hoopt begjin augustus útkomme te kinnen mei in Treffer mei alles oer it kommende seizoen. Fansels kinne jim fia de webside alles folgje oer SDS. Wy winskje eltsenien in moaie simmer ta! (WW)

Ynhâldsopjefte

<i>Fan de redaksje/ Ynhâldsopjefte</i>	3
<i>Fan it bestjoer</i>	5
<i>Werom sjen mei Douwe-Dirk.....</i>	6
<i>SDS 1</i>	7
<i>Werom sjen mei Dick</i>	8
<i>SDS 2</i>	9
<i>SDS 3</i>	100

jiergong 39 nr 6	3	juny 2009
------------------	---	-----------

<i>SDS 4</i>	11
<i>SDS 5</i>	12
<i>SDS 6</i>	13
<i>Weromsjen mei Lolke</i>	15
<i>SDS DA1</i>	17
<i>SDS Daj/ Fan de skeids (73)</i>	18
<i>Sibe de Seefûgel</i>	200
<i>SDS A1</i>	211
<i>SDS B1</i>	266
<i>Werom sjen mei Rudy</i>	288
<i>Slotdei jeugd</i>	29
<i>SDS C1</i>	300
<i>SDS C2</i>	311
<i>SDS D1 kampioen!</i>	311
<i>SDS D2</i>	322
<i>SDS E1 kampioen!</i>	333
<i>SDS E2/SDS E3/SDS E4</i>	355
<i>SDS F1</i>	377
<i>SDS F2</i>	388
<i>SDS F3</i>	388
<i>SDS F4</i>	39
<i>Werom sjen mei André</i>	400
<i>Skoalfuotbal 2009</i>	422
<i>SDS Futsal 1 en 2/ Ljocht op in sponser</i>	433
<i>Topskoarderslist 2008-2009 froulju en manlju</i>	444
<i>Clarence Sluier Klassemint</i>	466
<i>TikkieterugJaap en -Truusklassemint</i>	477
<i>Floris stoppet / Antwurden fan de skeids</i>	488

Fan it bestjoer



Wylst ik dit skriuw is foar inkele teams it seizoen al foarby. Foar in oantal teams is it noch spannend at se kampioen wurde as net.

Oan it einde fan it seizoen kinne wy as bestjoer wer werom sjen op it seizoen, hoe binne de saken gien, en hoe kin it better foar de takomst.

We kinne werom sjen op in seizoen wer in soart aktiviteiten plak fûn ha foar en troch de jeugd. Sa is koart lyn is de slot jûn foar de D,E en F – jeugd wer west. Mei tank oan de minsken die de tarieding dyn ha (o.a. Gida, Tineke en Fokje), mei de âlders en natuerlik alle jeugd wie disse middei/jûn wer tige slagge!

De jeugd aksje wie dit jier ek fan de party. Mei de jeugd aksje koe de jeugd hun ferkeap talinten wer sjen litte. Tineke en Ingrid ha hjir yn de tarieding in soart yn betekene, en koe tegearre mei alle jeugdige ferkeapers in protte drop ferkocht wurde. Derneist wie der de Kick off, it skoalfuotbal en de Poiesz aksje, stik foar stik slagge aktiviteiten.

Ek kinne we werom sjen op in seizoen wer yn we as SDS plak jaan koene oan 8 learlingen út it foartset ûnderwiis foar in maatskiplike stage. Troch disse learlingen waard ûnderoare holpen by de trainingen. As klup mei wy der grutsk op wêze dat wy hjiryn in ein yn it foar binne.

Ûnder tusken wurdt der troch de TC al hurd wurke om de nije team yndelingen wer klear te meitsjen foar kommand seizoen.

Mei al disse saken docht it wer bliken hoe belangryk at frijwilligers binne foar SDS. Sa kin eltsenien wat foar SDS betekenje en is foar eltsenien in plak binnen de klup. Sa is der as foarbyld foar minsken dy't minder ha mei fuotbal mar wol administratyf ûnderlein binne plak foar in bestjoerlike funksje, kinne minsken dy't graach op de fjilden stean in plak as lieder en/as trainer ha, ensa is der nog folle mear. Wolle jo wat foar SDS betekenje dan kinne jo ús altyd benaderje!

Belangryk foar de takomst is de oprjochting fan in kommisje fan de Skoalleseize, de Keatsferiening fan Easterein en SDS. Disse kommisje sil de mooglikheden bestudearje foar de takomst fan it kompleks. Belangryk punt foar SDS is dat der sjoen wurd nei de takomst en at derby útwreiding/ferfangning van de fjilden, kleiboksen ets. needsakelik is. En at it needsakelik is hoe jo dit dan realisearre kinne en mei wat foar middelen. In hiele útdaging foar de belutsen ferienings.

Al mei al kinne we mei in oar noch in soart realisearre en útdaging biede foar de takomst.

Groetnis, Rudy Dijkstra, Foarsitter jongerein

Werom sjen mei Douwe-Dirk



Mei inkelde persoanen sjogge wy werom op it seizoen 2008-2009. Hjir it petear mei de foarsitter fan vv SDS; Douwe-Dirk Reitsma:

Hoe hast it ofrune jier erfaren?

Ups en downs. Yn it begjin fan it seizoen stie alles goed. De besetting fan trainers en liederen wie goed ynfult. Ek de earste wedstriiden gongen goed. Totdat 4 okt kaam. De wedstriid tsjin WPB mei Floris. Dit hat in grutte spanning jûn sawol binnen de famylje Hiemstra as by SDS mar ek by my. Ek al omdat ik hjir tichtby belutsen wie. We binne allegear der tige mei ynnommen dat alles goed ferûn is.

Binne dyn doelen berikt?

Ja en nee. We moatte mei SDS noch hurd oan it wurk om in kwaliteitsslach te dwaen. Hjir is de TC al mei besich. Dit slagget al aardich. De stap fan de A junioren nei de senioren is grut. Jo moatte it talent weze om sa oer te stappen. Derom is it wichtich dat SDS 2 en SDS 3 op dit nivo fuotballen bliuwt om de oansluting nei it 1e net te grut te meitsjen. Moai is dan ek dat we in goeie trainer wer fun ha foar de A en de B junioren. Mar ek de rest moat net fergetten wurde. Sjoch mar wat der by de E's gebeurt. Skitterende fuotballers. Fanút derwei moat it al begjinne. Sawol foar jongens as famkes. Myn winsk is noch altyd in âlvetal under de 23 mei wat erfaren spilers as oanfulling.

Hast ek spyt fan dingen?

Hoe as it dit jier by it 1e alles ferrûn is. Hjir haw ik mouite mei. Folwoeksene minsken dyt net iets útsprekke wolle nei elkoar ta.

Kinst dyn hichte en djiptepunt op it med fan SDS beskriuwe fan it ofune seizoen?

Djiptepunt wie dat fan Floris. Hichtepunt is misskien it twadde wol. Yn de winterstop net geweldich mar nei de winterstop in periodetitel. Klasse! Fierder it oparbeizjen mei it bestjoer en de kommisjes. Dit rint goed. Mar ek hjir haw we altyd minsken nedich om noch in stap fierder te dwean.

Wa funst de man fan 2008-2009?

It is moeilyk om ien oan te wizen want der binne in protte minsken dy binnen SDS as frywilliger oan it wurk binne

Wat funst it momint fan dit seizoen?

Kin ik net sa iets wichtichs betinke

Wat soedest takom jier graach oars sjen wolle?

SDS hat te min oan 2 fjilden. Hjir rinne we elke sneon tsjin oan. Ek de

trainingsfjilden binne net goed. Tagelyk wit ik ek dat it 5 a 6 jier tebek noch minder wie. Mar jo moatte as klup de leden wat biede. Dat kin SDS op dit stuit net genôch. Op dit stuit is der in kommisje fanút skoalleseize, KF en SDS om it ien en oar út te sykjen sawol foar in minwaar fasiliteit as in tredde fjild. Mar dit is net hjoed of moarn klear.

Wolst sels noch wat kwyd?

In bettere gearwurkje mei de ferhierder fan it sportkompleks soe ik graach wolle. SDS hat gjin frijheid om iets te undernimmen. Dit beheint jo yn jo slagfeerdigens. Wat jo ek dogge alles moat ferantwurde wurde. Soms binne de mieningen hjir hiel ferdielt oer. Ek al stean we dan wol ris foarinoar we moatte elkoar toch noch wol goeie sizze kinne. Sommigen kinne dat net, spitich.

SDS 1

1.	Olde Veste'54 d 1	22	16	2	4	50	63	21
2.	Olympia'28 1	22	15	3	4	48	53	29
3.	LTC 1	22	14	4	4	46	51	24
4.	Meppel FC 1	22	11	5	6	38	45	33
5.	Oeverzwaluwen 1	22	9	8	5	35	31	22
6.	Heerenveense Boys 1	22	10	4	8	34	38	33
7.	Weide De 1	22	8	5	9	29	33	32
8.	SDS 1	22	7	5	10	26	31	47
9.	Nijland 1	22	6	4	12	22	36	49
10.	Waterpoort Boys 1	22	5	1	16	16	26	56
11.	Hollandscheveld 1	22	3	5	14	14	27	62
12.	VHK 1	22	3	4	15	13	29	55

Seizoen 2008 – 2009 . Dit is dan het eindverslag van een bewogen seizoen van SDS 1. Het allerergste was het geval van Floris bij de wedstrijd WPB – SDS zoiets hoop je nooit weer mee te maken. Verder was er eigenlijk in het hele seizoen te veel gesodemieter, dit kwam het elftal niet ten goede. Verder wil ik daar niet meer over zeuren. Het is nu aan de trainer die hiervoor word gehaald en betaalt en de A selectie om het volgende seizoen met een schone lei te beginnen. De SDS jongens zijn over het algemeen zeer honk vast, maar nog zo'n jaar dan zie ik sommige jongens ophouden of vertrekken. Gelukkig blijft Dirk Yde Sjaarda bij SDS. Misschien kiest Harm Stremler wel voor zijn gezin en dat kan ik mij ook best indenken. Persoonlijk vind ik hem nog veel te goed, hij kan het eerste elftal nog gemakkelijk aan. Ik zou het jammer vinden dat hij er mee gaat stoppen. In het begin van het seizoen heb je de beker wedstrijden. Tegen Broekster boys gewonnen en in de laatste 10 min. Verloren van ONS een hoofd klasser, en tegen Blauwwit 34 een gelijk spel. Dit was een prachtige wedstrijd. De competitie was zeer wisselend. Tegen de beste ploegen speelden ze goed tot zeer goed, maar tegen de slechtere ploegen

hadden ze het moeilijk of speelden slecht. En SDS kan zeer moeilijk scoren want ze hebben te veel kansen nodig. Het volgende seizoen kan het mij ook niks schelen op wat voor plaats ze eindigen als de voetballers van SDS maar weer met zijn allen en met plezier zullen voetballen. Dan kunnen de supporters ook weer genieten . Tot het volgende seizoen. S. Sikma.

Werom sjen mei Dick



Mei inkelde persoanen sjogge wy werom op it seizoen 2008-2009. Hjir it petear mei de de trainer/koach fan SDS 1; Dick Schuurman:

Hoe hast it ôfrûne jier erfaren?

Dit wie myn earste jier by SDS. Ik ha de ferieniging kennen leart as in gesellige ferieniging wer 't foar eltsenien sporten op syn / har nivo mooglik is.

Binne dyn doelen berikt?

Qua prestaasjes ha we gjin priis healle. Wol ha we ús al reedlik betiid feilich spiele. Troch omstannichheden siet der dit jier ek net folle mear yn. Mei in bytsje gelok hiest wol de 30 ptn grins helje kind.

Hast ek spyt fan dingen?

Soms is it nedich om 'impopulaire' beslissingen te nimmen. Jo dogge dat altyd yn 't belang fan it team.

Kinst dyn hichte- en djiptepunten op it mêd fan SDS beskriuwe fan it ôfrûne seizoen?

Djiptepunt wie it barren rûnom Floris. Dat hat in protte yndruk makke.

Wa fûnst de man fan 2008-2009?

Foar my is dat René Zijlstra. Die docht in protte foar de mantsjes en is altyd posityf!

Wat fûnst it momint fan dit seizoen?

It momint barde op 4 oktober, dat wie mei Floris yn Snits. Ik wie der selfs net by mar bin doe ik it hearde gelyk nei Snits flein. Op sokke mominten besef je mar al te goed dat fútbal mar in spultsje is.

Wat soedest takom jier graach oars sjen wolle?

Der wurdt oer 't algemien in protte nei in oar sjoend. Jo soene wat faker josels de spegel foar hâlde moatte. De 'wil 'om troch middel fan trainen better te wurden mis ik soms noch wat.

As ik iets praktysk neam dan is dat fanself de trainingsakkomodaasje. Wy hawwe ôfrûne seizoen te faak útwike moaten of selfs helemaal net traine kind.

SDS 2

1.	Fean'58 2	22	15	5	2	50	45	24
2.	Staphorst 2	22	14	6	2	48	62	21
3.	Blauw Wit '34 2	22	12	4	6	40	51	27
4.	Urk 3	22	10	3	9	33	54	39
5.	SDS 2	22	8	7	7	31	39	31
6.	Harkemase Boys 2	22	7	7	8	28	37	40
7.	BCV 2	22	8	3	11	27	48	58
8.	Leeuwarder Zwaluwen 2	22	6	8	8	26	37	43
9.	Hardegarijp 2	22	7	3	12	24	33	40
10.	ONT 2	22	5	9	8	24	34	51
11.	Drachtster Boys 3	22	7	2	13	23	28	43
12.	Zeerobben 2	22	4	1	17	13	33	84

It seizoen fan SDS 2 hie twa gezichten. Foar de winterstop rûn it net sa best en stie SDS 2 sels hast ûnderoan. Nei de winterstop gie it stikken better en waarden sy sels noch 3^e Perioadekampioen. Yn de neikompetyasje gie SDS 2 der úteinlik út tsjin Heerenveense Boys 2. Thús waard der noch mei 3-2 wûn, mar út hie SDS 2 net folle mear yn te bringen. SDS 2 gie yn Hearefean mei 5-0 it skip yn. Al mei al koe Klaas Okkema tefreden weromsjen op it seizoen 2008-2009.



SDS 3

1.	Oeverzwaluwen 2	22	20	2	0	62	79	15
2.	NOK 2	22	10	9	3	39	38	32
3.	VVI 2	22	10	4	8	34	51	36
4.	Heeg 2	22	10	3	9	33	55	45
5.	ONS Sneek 3	22	8	7	7	31	49	45
6.	Bolswardia 2	22	9	4	9	31	40	46
7.	Leeuwarder Zwaluwen 3	22	7	7	8	28	40	49
8.	SDS 3	22	8	3	11	27	38	56
9.	Workum 2	22	6	6	10	24	35	42
10.	IJVC 2	22	5	8	9	23	32	42
11.	Joure SC 2	22	4	5	13	17	28	53
12.	CVVO 3	22	2	8	12	14	36	60

SDS3; de folhâlder wint!

As ik no, in oantal wiken nei de lêste wedstryd werom sjoch op it seizoen dat efter ús leit, doch ik dat mei in twaslachtich gefoel.

Foar de winterstop is der lang net út kaam wat der yn siet. Nei in aardich begjin (2 wedstriden 4 punten) binne we fier sakke, sa fier dat we net fjirder koenen. As je ien kear op dat plak stean, is it dreech om der wer wei te kommen; de psychologyske hoeke wêr't de klappen falle dy't kear op kear hurd oankomme.

De winterstop hat ús goed dien. Mei nije enerzjy en seker ek nij elan koenen we de striid wer oan gear.

Doe't de earste wedstryd tsjin NOK 2 (de nr. 2 fan de kompetysje) wûn waard, soarge dit foar in 'boost' yn it fertrouwen yn in goede ôfrin. Nei dizze opstekker waard it iene nei it oare goede resultaat helle, mei as gefolch dat we rom boppe de reade streep eindige binne.

By dizze wol ik dank sizze oan Harm, Friso, Enne en Jelle dy't harren op ferskeidene wize ynsetten ha foar SDS3.

Ek in wurd fan dank oan Durk O.
En alle liederes / trainers fan de senioaren, foar de noflikke gearwurking, want dêr begjint alles mei!

Groetnis, Sjoerd (foar SDS3)



SDS 4

1.	Walde De 2	22	18	1	3	55	97	41	
2.	Bolswardia 4	21	15	3	3	48	68	31	
3.	Zeerobben 4	21	13	4	4	43	60	29	
4.	Blauw Wit '34 7	21	10	6	5	35	68	40	-1
5.	Makkum 4	21	10	4	7	34	51	32	
6.	Oeverzwaluwen 4	20	10	2	8	32	69	58	
7.	Tzummarum 2	21	9	1	11	28	48	58	
8.	SDS 4	22	8	2	12	26	51	53	
9.	Tzum 2	21	7	2	12	23	43	64	
10.	Franeker SC 7	21	6	2	13	20	41	64	
11.	Waterpoort Boys 3	20	3	2	15	10	26	90	-1
12.	RES 5	19	1	1	17	4	18	80	

SDS 5

1.	Broekster Boys 4	21	15	3	3	48	76	23	
2.	Blauw Wit '34 8	22	15	3	4	48	61	33	
3.	WWS 3	21	13	2	6	41	88	41	
4.	SDS 5	22	11	4	7	37	77	48	
5.	Beetgum 3	22	11	2	9	35	73	58	
6.	CSL 5	21	10	2	9	32	56	50	
7.	Foarut 3	21	9	2	10	29	60	63	
8.	Veenwouden SC 4	22	9	1	12	28	54	65	
9.	Trynwaldster Boys 4	22	8	3	11	27	53	60	
10.	Rijperkerk 3	20	8	2	10	26	55	45	
11.	Berlikum SC 4	22	3	2	17	11	29	91	
12.	Rood Geel 4	22	3	2	17	10	28	133	-1

IN MAKJE FOAR SDS 5

De beide lieders fan it fiifde sitte elk jier foar in muoilik dilemma want hokker fuotballer hat wer foar dit jier ôfsein en wa binne der by kommen, binne der genôch ferdedigens, oanfallers, spulferdielers en ôfmakkers en soe de fêste skiedsrjochter Sjoerd it paad noch wol fine kinne nei it fuotbalfjild? Moat ús gemiddelde leeftiid ek in bytsje omheech? Sa wiene Eddy en Stoffel it der wol oer iens dat der genôch spilers binne en miskien wol wat tefolle want dy fuotballers dy yn it fiifde sitte, wolle elke wedstriid wol njoggentich minuten.

It ienichste wat feroare is dat der in jildpotsje komt foar “lief en leed” en spitigernôch is dizze pot hast wer sa goed as leech en sil kommand jier wer oanfolje wurde moatte of der moat nimme siik wurde en gjin jubilarissen ha. Ek waard der ôfsprutsen dat wy yn it lofter rige útkomme moasten en miskien wol by de earste trije.

Geweldich is der fuotballe! De opkomst wie enoarm en dat hâld yn it begjin fan it jier yn, dat de lieder elke wedstriid spontaan oan de line stean moasten en net fierder as de dug-out (bekom hokje) kamen. Der binne sels spilers ôfbelle want dy hiene wol wat oare putsjes.

Fansels op ien nei want ús keeper Klaas Klinker kin net ûntbrekke en dy hie just hast al de sneonen in putsje! In klasse keeper mar wat wolle jo ek as der sa'n ferdediging foar jo stiet.

Lokkich dat der in seisde by kaam want sa koe elkenien sneons efkes balje mar it hâlde wol yn dat wy lds (lieder seisde), Johnny (fêste spits) en noch in protsje fuotballers kwyd wiene



Om al de spilers te neamen kin eins net want dan wurdt de treffer in boekwurk. mar wy kinne net om de top skoarder fan SDS hinne want it wie Harm Auke Dijkstra dy ferrassend de measte goals makke foar SDS. In protte tsjinstanners ha in hekel oan dat lytse mantsje wat altyd stiet te roppen en razen en dan ek noch in

noaske foar in goal hat. Guon kollega fuotballers doare noch wol ris wat te sizzen oer syn ynset mar as hy der wer ien ynsteat hie hy elkenien wer stil. It wie sels sa dat hy de strafskoppen opeaske yn Menaam en as ik him mis, dan rin 'k werom nei Easterein. Spitich dat hy wol siet!

Stiper en fuotballer Ype makket mei syn 58 jier noch altyd syn paadsje skjin as foarstopper en is der in kornet dan fljocht hy der hinne want neffens my is der net ien mei sa'n hurde kop en besiket in goal te meitsjen en giet it mis dan is Ype as ien fan de earste wer te plak.

Ek wol ik Aant (it liket de jongste ek net mear) tige bedanke foar syn moaie paaskes mar foaral foar de stikjes dy hy op de Web-side set. Hy kin fan in strie minne partij der noch wat moais fan meitsje.

Bedankt ek al ús gast spilers want dêr ha wy ek hiel wat brûk fan meitsje moatten wylst wy op papier genôch hiene.

Fêste grinsrjochter Daan wie der ek elke wike en hat ferskuorrends syn bêst dien om elke kear de skiedsrjochter te beynfloedzjen. Drok hie hy it betiden net mei bûtenspul want Tjeerd bliuwt meastentiids lêste man en lit der gjin mins

lâns. Nei útwedstriid (yn in blikje auto) ris te toeren en dan ek noch mei pûden fisk by guon op besite dat wol Daan net misse.

It wie foar 99 % Eddy dy de opstelling die en dat stie altyd as in blok. In geweldige speech yn de klaaikreamers en nei in fiif minuten “waarming-up” wist elk syn taak. Eddy fersoarge alles oant de lêste BBQ ta. In pear stikjes fleis en in pear kratsjes fan Hertog syn Jan en it slagget altyd.

De lêste wedstriid wie in hiele aardichheid want yn de twadde helte stiene der samar trije Klaasen (Klinker, Dak en Hin) yn de spits. Omdat Harm disiplinêr oan de kant hâlden waard wie it sels keeper Klaas dy twa kear skoarde en fiif kear it houtwurk rekke.

Ik wol ek al de sjauffeurs efkes bedanke wolle want sûnder harren bleau de helte stean.



Ik wit it net seker mar it fiifde hâld foar harren sels earst in leden stop want oeral hearre jo fan it praat; wy soene eins ek wol yn it fiifde wolle!

Dan it domme praat oer in makje foar SDS 5 want dat is net wier. Der is betiden striden as hong harren libben der fanôf. It gie der om yn it linker rige te stean en dat slagget ommers altyd.

Mei sokke Web-masters meitsje sy yn twa tellen it linker rige in bytsje grutter.

Stoffel

SDS 6

S.D.S.-6 (half)Jaaroverzicht

In verband met een overschot aan spelers bij SDS 3, 4 en 5 is er besloten om na de winterstop te beginnen met een zesde team binnen SDS namelijk S.D.S.-6. Bij de KNVB was er namelijk nog de mogelijkheid om een elftal in de reserve 6e klasse J mee te laten voetballen. De uitslagen van onze gespeelde wedstrijden zijn helaas niet in de stand meegenomen. Onderstaand een overzicht van de gespeelde wedstrijden van het “nieuwe” zesde vanaf februari 2009:

Het zesde: een team van 10 “jonge” voetballers geselecteerd vanuit het 3e en 4e, elke week aangevuld met een aantal “oude routiniers” van het 5e elftal. De eerste wedstrijd was meteen een thuiswedstrijd tegen Blauw Wit’34 om 16.30 (was even wennen) Omdat er geen keeper beschikbaar is voor het zesde is er door de leider besloten om elke halve wedstrijd een speler op het

doel te zetten. Deze eerste wedstrijd werd vooral gebruikt om te kijken welke speler op welke positie het beste tot zijn recht kwam. Het was voor de meesten even wennen met als resultaat dat we deze wedstrijd niet winnend konden afsluiten. Een 5-2 nederlaag met doelpunten van Douwe de Boer en Bram Strubbe.

De volgende tegenstander was Zeerobben 5 uit Harlingen. Ondanks een uitstekende wedstrijd met veel kansen voor SDS werd er toch een nipte nederlaag geleden van 2-1. Het enige doelpunt kwam van Pytrik Hiemstra. Sipke en Christiaan van het vijfde verzorgden het keeperswerk.

Na twee nederlagen op rij werd er in de thuiswedstrijd tegen de Walde 3 het eerste punt binnengehaald. Een verdienstelijk gelijkspel met 2 doelpunten van Harm Auke Dijkstra.

Na drie wedstrijden begint het erop te lijken dat iedereen op elkaar ingespeeld raakt. Tegen Tzum 3 uit (altijd lastig) werd namelijk vrij eenvoudig gewonnen met 4-0 door doelpunten van Steffen Bruinsma (schrafschop), Pytrik H. en Gerlof Veldstra (2x). De voor deze wedstrijd aangetrokken keeper Rudi Dijkstra hield probleemloos voor ons de nul. Na deze gewonnen wedstrijd leefde er in de groep het gevoel dat ook de volgende wedstrijd tegen HJSC 3 gewonnen kon worden. Helaas kwamen we niet verder dan een gelijkspel 2-2, met doelpunten van Pytrik Hiemstra en Ids de Boer uit een schitterende vrije trap. Dit was meteen ook het laatste verliespunt van SDS-6 van deze competitie. Vanaf nu begon de SDS-6 trein goed te lopen.

Tegen Nok 4 uit Oudemirdum werd een prima 3-1 overwinning behaald met doelpunten van Folkert Rients Vellinga (2x) en Ids de Boer. Vervolgens werd er in Leeuwarden met 6-3 van de Zwaluwen 11 gewonnen door doelpunten van Jacob van Wieren (3x), Sybren Wesselius, Doede Sijzeling en Bauke Jan Plantinga. Dan de uitwedstrijd tegen het kampioenselftal van Heeg 4. Met versterking van een drietal A-junioren werd er met goed combinatievoetbal een 9-2 overwinning behaald. De schutters van deze middag waren: Jaco van W. (3x), Wietse Lanting (3x), Freek Tichelman (2x) en Johnny Leistra. Voor de laatste thuiswedstrijd van het zesde kwam Sc Franeker 8 op bezoek. Na een ruststand van 2-1 konden we in de tweede helft uitlopen naar een 6-3 eindstand dankzij Jacob, Wietse, Bram Steffen, Sybren en Doede.

Het zesde heeft 9 wedstrijden gespeeld waarvan 2 verloren. 2 gelijk en 5 gewonnen. Een uitstekend resultaat voor dit jonge team.

Ik wil jullie hierbij dan ook bedanken voor jullie trainingsopkomst en het enthousiasme voor, tijdens en na de wedstrijden. Ook alle `invallers` die hebben meegedaan en het mogelijk hebben gemaakt om het zesde team van SDS op de kaart te zetten.

Voor volgend seizoen zullen enkele spelers van het huidige SDS 6 het leiderschap op zich nemen.

Geweldig jongens! Bedankt!

Leider SDS 6

Weromsjen mei Lolke



Al jierren is hy lid fan de hurde supporterskern fan SDS; de Bunnikside, neamt nei de hurde kern fan FC Utrecht dy't begjin jierren 70 lanlike bekendheid krigen mei dizze namme. Tegearre mei Ate Vellinga, Popko Wijnia, Meinte Wesselius, Piet de Jong, Daan Boersma en Ab Scheepvaart stiet hy altyd efter itselde reklameboerd om it haadfjild yn Easterein om de thús wedstriden fan SDS 1 by te wenjen. Fanút it eachpunt fan de supporter lit hy syn ljocht skine

oer it ôfrune fuotbalseizoen fan SDS 1. In petear.

Hoe hast as supporter it ôfrûne jier erfahren?

Ik fûn it al mei al in match seizoen wêr't net safolle ynsiet. Ik krige net it idee dat der ergens foar striden waard, gjin perioadetitel of kampioenskip. De echte teamspirit ûntbruts en somtiden like it wol dat eltsenien foar harren sels fuotballe en oaren net yn it spul belutsen waarden. Dat hat syn stimpel wol wat op it seizoen drukt. De akseptaasje wie der somtiden net.

Wat fûnst it momint fan dit seizoen?

Dat wie it momint mei Floris (Hiemstra). Ik wie derby doe it barde en dat hat in protte yndruk op my makke. Ik stie lâns de kant fan it fjild en ik waard der hielendal kâld fan. Je witte op dat momint ek net wat der mis is. Op dat stuit binne oare saken yniens hielendal net belangryk mear.

Wat fynst fan SDS 1 as ploech yn syn gehiel?

Ik krij soms wolris it idee dat der gjin fisy is hoe't se spylje moatte. Gjûn dúdlikens; geane we sakjen of counterjen. Derneist wiene der miskien ek wol wat tefolle wikselingen yn it team. Doe't Floris derby wei rekke waard it wat minder. Hy wie dochs wol in lieder yn it fjild en dernei wie der net ien dy't dy rol oppikke koe. Mar dêrfoar tink ik dat der genôch kwaliteit yn de ploech sit.

Hast sels noch spilers wêrfan ast fynst dat sy net te plak stean en better oant harren rjocht komme op in oare posysje?

Lit ik ris by dy (Dirk-Yde) begjinne. Ik fyn dy dus gjin spits. Do moast op in fjouwermins middenfjild mei de punt nei foaren. Do moast net foaryn stean, mar der komme. En foaryn moatte minsken dy't elkoar oanfolje, net twa deselde types. Sa soe ik net kieze foar Hendrik (de Jong) én Tsjalling (Sikma), mar yn plak fan ien fan dizze mannen soe ik Skelte (Anema) der delsette, ientsje dy't de bal fêsthâlde kin.

Ik fyn it in goede saak dat Feite (de Haan) wer yn it sintrum fan de ferdediging stiet. Hy kin it spul goed delsette. En Jacob-Klaas (Haitsma) fyn ik in goede foarstopper. Ek tink ik dat Henk (Postma) wer nei SDS 1 kin op byfoarbyld de

loftsheal. Mark (Postma) giet bewust nei it tredde, dat is in oar ferhaal. Tsjipke-Klaas (Okkema) kin wat my betreft wol efter de spits. Op dat plak krekt foar de ferdediging fyn ik him minder. Tegearre mei Erik (Haitsma) sintraal en Dirk-Yde wat op de bûtenkant. Op rjochtsback is it no wat lestich no't Tsjearde (Halbersma) in jier op reis giet. Derneist is Anne (Stenekes) in goede jongen foar de groep. Ik ha in protte respekt foar him, hy hellet alles út himsels; in ideale 12^e man.

Hiedest do deselde beslissingen naam dy't Dick (Schuurmans, haadtrainer SDS 1) en bestjoer naam ha?

Dat mei Mark en Henk (Postma) hie ik net sa rigoreus dien. Wy binne in lytse klup, moatte elkoar helpe. Der hie hearde optrede wurde moatten tsjin alderhande saken. It is net mear sa as 20 jier lyn dat spilers samar oannimme wat de trainer seit. De minsken fan no binne wat mûniger en it kostet derom no mear enerzjy om de groep learen te kinnen. Der moat in trainer foaral yn it begjin boppe op sitte.

Wat soedest takom jier graach oars sjen wolle?

Ik hoopje dat we leart ha fan it ôfrûne seizoen, want sa'n jier wolle we net wer mei meitsje. At ien in mantsje rinne liet tidens de wedstriid seagen wy as supporters ek wol. Foar spilers, trainers én publyk wie der sa neat oan. We moatte der takom jier wer hielendal foar gean, mei mear respekt en tolerânsje foar elkoar. We moatte nei ien doel stribje en dat is winne op sneon! De spilers hoege echt gjin boezemfreonen te wêzen om in goede prestaasje del te setten. Der is kwaliteit genôch en derom wie it ôfrûne seizoen des te teloarstellender omdat it der net útkaam is. De noazen moatte wer deselde kant op.



Wolst fjirders noch wat kwyd?

Der is dit seizoen aardich wat gedonder west oer bepaalde saken, mar ek de trainingsomstannichheden binne fier fan optimaal. Miskien moat der ris echt wat gebeure, twaddeklasse weardich. It is yn it ferline doe allegearre ien (SDS en KF Easterein) wurden mei de Skoalleseize. De identiteit fan SDS is dertroch wat minder wurden, foar my is SDS belangriker as de Skoalleseize. De focus yn Easterein leit net mear sa soad op SDS as yn it ferline. Dat fyn ik wol wat jammer, mar ik begryp it mar al te best.

(DYS)

SDS DA1

1.	Joure SC DAJ	18	17	1	0	52	97	11	
2.	Mulier DA1	18	15	1	2	46	99	30	
3.	Harlingen DAJ	18	11	3	4	36	63	23	
4.	MKV'29 DA2	17	9	1	7	28	36	32	
5.	Oudega DA1	18	8	1	9	25	56	54	
6.	Scharnegoutum'70 DA1	17	7	2	8	23	57	38	
7.	ONS Sneek DA3	17	6	0	11	18	35	43	
8.	Blauw Wit '34 DA2	18	4	2	12	13	33	56	-1
9.	Zeerobben DA1	17	4	0	13	12	32	91	
10.	SDS DA1	18	1	1	16	4	13	143	

Weromsjoch op it seizoen 2008-2009. It earste seizoen foar ús as DA1(froulju) yn de kompetysje.

De earste wedstryd tsjin Mulier Wytmarsum: de measte froulju wienen tige senuweftich! In oantal koe hast net iens ite en it húske waard hiel faak brûkt. Dizze earste wedstryd wie tagelyk ús djiptepunt: de bal flein om de earen fan de keeper en we krigen 23 goals tsjin. Mar....we skoarden ek noch in kear yn dizze wedstryd! Dat wie yn Easterein te hearen, sa bliid wienen we!

De measten binne noch faaks wol senuweftich foar de wedstryd, en foaral at we thús spylje moatte en der bekenden langs de line stean. Mar stikem fine we dat dôchs ek wol wer hiel leuk.

Ús doel wie om yn elk gefal ien kear te skoaren dit jier. En dat is seker slagge! We ha 22 kear skoord, we ha ien wedstryd gelyk spile en sels in wedstryd wûn! We ha ek wol in "pear" doelpunten tsjin: 109 op it momint fan skriuwen. Ek al ha we sa'n soad doelpunten tsjin, we bliuwe posityf en de sfear ûnderling wurdt net oars at we wer foar de safolste kear ferlern ha. Dit komt om't we in gesellich en entûsjast, posityf team ha.

Dat belooft dus noch wat at we takom jier in pear wedstriden winne! En der gean we al fan út, want der sit seker foarútgong yn!

Tsjipke en Dirk Yde: bedankt foar jimme trainingen, it wie elke kear wer slagge! We sille jim takom jier al misse. Jan Bouke en Floris: bedankt foar it liederjen! Feike, Aant, Christian, Dirk, Jan v. A, Klaas O, Bart en Harm, Andre, Remon, Willem O, Pieter Sytsma, bedankt at we wer ris oansieten mei lieder of flaggers! De famkes fan DAJ, jimme foaral bedankt dat jimme ús eltse kear wer oan genôch spilers holpen ha! Moai dat we elkoar sa helpe kinne. Super! Oan't takom seizoen, we hoopje dan te skriuwen oer in heger doelpuntensaldo en oer in leger tsjinsaldo. We gean der fan út. Jimme heare fan ús!

P.s. Op de training dogge we wol ris wa't de bal tsjin de latte traapje kin. Lit dat no eltse kear Margriet Rienstra wêze! Sy mei dan rekkenje op in "ferrassing" fan de trainer. Wy binne noch steeds benijd wat dat west hat!

SDS Daj

1.	Oosterlittens DA1	18	15	0	3	45	62	21
2.	Berlikum SC DA1	19	14	1	4	43	61	18
3.	Leeuwarden DA1	20	13	2	5	41	51	28
4.	Dronrijp DA1	19	11	3	5	36	62	39
5.	Jacob St. DA1	19	10	5	4	35	74	32
6.	DVBolsward DA3	20	9	1	10	28	34	48
7.	Nieuweschoot DA1	18	8	3	7	27	50	24
8.	Warga DA1	20	7	2	11	23	38	50
9.	Leeuwarder Zwaluwen DA1	19	5	1	13	16	21	62
10.	Tzum DA1	20	3	0	17	9	24	74
11.	SDS DAJ	20	2	0	18	6	16	97

Wy as famkes fine dat we dit jier geweldich hurd foarút gongen binne. We hienen sawol dijpte- as hichtepunten. We ha blessures trochstien, skoart en ús earste kompetysjewedstryd wûn. We hienen ús earste kâns yn 'e thús wedstryd tsjin Boalswert, mar dit waard staakt. Dochs ha we thús ús earste punten behelle tsjin Tsjom. Jim sil wol murken ha dat wy hieltiid minder tsjindoelpunten om ús earen krigen, it waarden wat "reële" útslaggen. Ek krigen we hieltiid faker komplimenten fan lieders fan oare damesploegen. It gong fan "wat ha jim in geweldige keepster" oant "dit wurdt in kampioensteam!!". Dit hat ús in folle goed dien. We begjinne, hoe faak we ek ferlern ha, altyd wer posityf oan in nije wedstryd en it komt dan ek net faak foar dat we sûnder 'smile' fan it fjild ôfrinne. Ús doel wie om fan it lêste plakje ôf te kommen, mar dan moasten we noch in punt binnen slepe, dat ha we de lêste twa wedstriden net wier meitsjen kinnen. Folgend jier gean we troch as DA2 en we gean der wer mei folle moed tsjinoan. We wolle André noch efkes bedanke foar syn ynset dit jier en fansels de supporters, hopelyk binne jim der folgend seizoen ek wer by! De famkes

Fan de skeids (73)

5 vragen om de kennis weer wat op te vijzelen. De antwoorden staan achterin deze Treffer.

1. Kan een scheidsrechter een strafschop op een onverdedigd doel laten nemen?
 - a. Dit is altijd toegestaan
 - b. Nee, dit is nooit toegestaan
 - c. Dit is alleen toegestaan als een officiële speeltijd is vertreken
 - d. Alleen indien hij daarna de wedstrijd moet staken.

2. Wat staat in de spelregels over de kleur van de bal?
- De bal moet altijd wit zijn.
 - Bij invallende duisternis moet de bal in elk geval wit zijn.
 - Bij sneeuw op het veld moet de bal een afwijkende kleur hebben.
 - In de regels staat hierover niets vermeld.
3. Juist buiten het strafschoopgebied wordt een aanvaller door een verdediger onderuit gehaald. Dezelfde aanvaller neemt de toegekende vrije schop en schiet de bal tegen de lat. Hij krijgt de bal direct weer terug en schiet de bal nu in het doel van de tegenpartij. Is dit een geldig doelpunt?
- Ja.
 - Nee, de vrije schop moet worden overgenomen.
 - Nee, het spel moet worden hervat met een doelschop.
 - Nee, de verdedigende partij krijgt een indirecte vrije schop te nemen op de plaats waar deze speler voor de tweede maal de bal speelde.
4. Op de doellijn moet een lijntje worden aangebracht buiten het speelveld, om ervoor te zorgen dat de afstand van 9.15 meter in acht wordt genomen. Deze 9.15 meter dient te worden gemeten vanaf:
- De hoekvlaggenstok.
 - Het centrum van het hoekschoopgebied.
 - De kwartcirkel van het hoekschoopgebied.
 - Het punt waar de lijn van het strafschoopgebied en de doellijn samenkomen.
5. Een speler bevindt zich op de zijlijn. Hij beledigt op grove wijze een toeschouwer, die zich achter de afrastering bevindt. De scheidsrechter hoort dit, onderbreekt het spel en zendt de speler van het speelveld door het tonen van de rode kaart. Wat is de spelhervatting?
- Hij hervat het spel met een directe vrije schop op de zijlijn.
 - Hij hervat het spel met een indirecte vrije schop op de zijlijn.
 - Hij hervat het spel met een scheidsrechtersbal op de zijlijn.
 - Hij hervat het spel met een scheidsrechtersbal op de plaats waar de bal was toen het spel werd onderbroken.



Sibe de Seefûgel



Beste foarsitter fan de KNVB

Mei dit skriuwen rjochtsje ik in needgjalp ta jo fanôf Skrok. “Skrok” sille jo sizze, dat kin ik net en jo witte ek neat fan it bestean fan in fuotbalklup dy’t sa hiet. Dêr ha jo gelyk oan, mar ik sil it jo út de doeken dwaan.

Skrok leit tusken Wommels, Easterein en Iens. It is it greidefjild dat lekker wiet is en dêrtroch tige geskikt is om as fûgel je nêst te bouwen, je aai te lizzen en wat om te fleanen. Ik bin meast wurdfierder fan it fûgelguod want jo sille begripe kinne dat in skries, in ljip en seker in ein net fersteanber is en al hielendal net skriuwe kin.

Skrok is tige yn trek omdat it sa lekker wiet is en it wurdt hjir dan ek hieltyd drokker. At it sa troch giet dan is der aansens te min plak en sille wij nije fûgels fuortjaaije moatte, wat wij fansels leaver net dogge.

Allegear moai en aardich sille jo sizze mar ik hâld mij dwaande mei fuotbalsaken en net mei fûgelsaken.

Dêrom no ta de kearn fan de saak. Yn de winter en foarjier hawwe wij hjir altyd wedstriden leechfleanen. Ik sil je de krekte rigels besparje mar ik kin jo wol sizze dat wij dit yn kompetysjeferbân dogge en dat it tige populair is. Wij binne no hast oan de finale wedstriden ta. Ein maaie moat it dien wêze want dat is oars ek sa. Mar op ien of oare wize liket it dit jier hielendal mis te gean mei it ôfronden fan dy kompetysje.

Dat komt omdat in oantal frjemde fûgels it heechfleanen útfûn hawwe. It is raar mar se dogge it hast nearne mar wol op Skrok (en Skrins). Se binne der heal april al mei begûn en omdat der in oantal talintfolle heechfleaners bij sitte op Skrok wylst dat ek talintfolle leechfleaners binne, rint alles yn de fûgelsop. Ik freegje jo net om it heechfleanen te ferbieden, dêr rêd ik mij wol mei, mar ik freegje jo om bij SDS ris te ynformearen at sij ek lêst ha fan it leech- en heechfleaners effekt.

At jo foarsitter Reit(hin)sma belje dan wit ik wol seker dat hij sizze sil: Dy ferrekte heechfleanden ballen sitte ús hieltyd mear dwers.

Beste foarsitter, ik hoop dat jo tasjen wolle op it fuortbestean fan SDS. Want ik wit it noch sa net. Bij de KNVB begjint it seizoen begjin augustus bij SDS pas nei 6 septimber en bij SDS einigt it seizoen mids april. Bij de KNVB pas begjin juny.

Beste menear de foarsitter, ik freegje mij ek ôf at it wol goed is foar in fuotbalfjild dat der op keatst wurdt. Der op fytskrosse en op hynderride is dochs ek ferbean?

En omdat ik no dochs jo oandacht ha, kin ik myn fraach wol efkes stelle:

“Hawwe jim ek keatsfjilden yn foarrie lizzen? Ik soe dan graach ien bestelle wolle. Wannear kinne jim him bringe? Soe dat noch foar 1 augustus kinne. Dan

kin it fuotbaljen hjir in kear gewoan op tiid begjinne. It moat wol in hiel lang fjild wurde, want elkenien kin tsjintwurdich boppe. Oh ja doch ek mar in hiele brede: want kwea en bûtenslaan is ta keunst ferheven. At ik der net bin, dan lis je it der mar moai del. Der is lân genôch en ik wit wol seker dat Klaas Overal wol soarget foar in tegelpaad derhinne.

Ik hoop net dat ik te folle frege ha. Tige tank foar jo oandacht en in mei freonlike poat fan Sibe groetsje ik jo.

SDS A1

1.	ONSTOP63 A1	20	12	7	1	43	69	23
2.	Makkum A1	20	13	2	5	41	62	31
3.	Lemmer A1	20	10	2	8	32	59	51
4.	CVVO A1	20	9	4	7	31	71	47
5.	GAVC A1	20	9	4	7	31	64	58
6.	JV Bolsward A1	20	9	2	9	29	46	49
7.	SDS A1	19	8	3	8	27	63	71
8.	Oeverzwaluwen A1	20	7	4	9	23	50	63
9.	LSC 1890 A2	19	6	4	9	22	40	51
10.	Jubbega A1	20	5	3	12	18	40	77
11.	NOK A1	20	2	3	15	9	29	72

It seizoen 2008-2009 foar SDS A1 wie op 2 maaie klear, al stiet der noch in wedstriid 'iepen' tsjin LSC 1890 A2 thús (9 minúten).

It wie in hiel apart seizoen foar trainer, liederen en spilers fan SDS A1. Der barde in soad yn it ôfrûne seizoen, sawol yn as om it fjild.

Foar de winterstop

Yn augustus begûnen we mei in seleksje fan 20 spilers, in nije trainer (Lody Roembiak), en twa al stoppe liederen (Tamme de Boer en Klaas Pompstra). Op de earste training ferlearen we al de 1e spiler. Nee, net troch in blessuer, mar Johan hie wichtiger saken dan it fuotbal op dat stuit. Yn de rin nei it foarjier binne we nochris trije spilers en sawat 4 kwyttrekke. Wiebe Jan Valkema hie wurk op sneon, Wytse vd Schaar einliks ek en Ronald Talsma is stoppe. Fan Elger hienen we efkes neat heart nei de winter, mar die is der lokkich wer bykommen yn it lêst fan it seizoen. En hat him yn de lêste wedstriid wer ris sjen litten sa hy dat foar de winter ek al die.

Yn de winterstop

Ja, in krystoernoai mei de B-junioaren en dat wie de winter. Troch misferstânnen namen de A's en B's net diel oan it winterprogramma fan de KNVB en dat wie hiel spitich foar teams mei safolle spilers. By de snertin wie de opkomst net grut.

Nei de winterstop

We geane mei 16 man it foarjier yn. Remco is der dan om de 14 dagen by, want foar syn stúdzje moat hy om it wykein staaazje rinne. Hy hat dat rom op tiid oanjoen en we besykje om him as yn de A's as yn de senioaren keepe te litten. Spitich is dat Remco it seizoen al begûn mei in blessuer en der letter ek noch lêste fan hie. De lêste wedstriid hat hy noch in helte keepst.

Foar de winter wienen de resultaten redelik, mar der sit folle mear yn seit Lody en dat fine Tamme en Klaas ek. Allinnich de spilers witte it noch net seker en dat sjogge we werom yn it spul. We ha foaral muoite mei de earste 10 minúten en krije dan faaks al in oantal goals om de earen.

Dernei pakke we it wol wer op, en winne de wedstriid inkelt, spylje gelyk as ferlieze wolris ûnnoazel. Lyk as it mei de resultaten gie, op en del, sa gie it ek mei spilers. Inkele spilers wienen konstant, mar in soad hienen hichte- as djiptepunten. It kaam der faaks net út. En as it net wol, dan moatte jo wurkje! En as dat der dan ek by bliuwt dan jou dat twaspalt yn it team en oan de kant ergebnis. Lokkich wie der ek in soad te genietsjen. Somtiden prachtige en foaral sportive wedstriden mei in soad en moaie goals. In hiel soad gekke wedstriden.



Bygelyks SDS A1 – CVVO A1 mei in rêststân fan 5-5 en einstân fan 8-6 en wrâldgoals! As yn Boalsert mei rêst 0-0 en ferlieze mei 7-1!

Thús tsjin Jubbegea in rêststân fan 6-2! En de einstân wie 8-5 mei dit kear in wrâldgoal fan de spits fan Jubbegea.

Mar thús tsjin Lemmer binnen in heal oere mei 3-4

efter! We komme werom oant 3-4, mar ferlieze dochs mei 4-6.

Oefenje tsjin Harns (flak nei de winter) wie moai, 1-6 winst en prima spul! Letter einlik in kear oefene tsjin Easterlittens. In desepsje foar liederen en spilers, 6-1 ferlern.

Al dizze (oefen) wedstriden wienen in goede ôfspegeling fan it hiele seizoen. By flagen goed fuotbal yn heech tempo en as team en somtiden spilen we krekt as Ajax tsjin Sparta (4-0!).

Blessures

Der wienen ferskate blessueres. Remco oan it begjin fan it seizoen mei de knibbel en 'sukkele' der einliks hieltyd mei troch. Jort krige yn de wedstriid thús tsjin CVVO in swiers tsjinstanner op syn ankel en hat der in skofke út west.

Arjen Los derfoar mei de lies. Wytse vd Schaar en Wiebe Jan foar de winter en oan it ein fan it seizoen op de training rekke Jarco swier blessearre, ûnderfoet op twa plakken stikken en noch oan it herstellen. It siet de famylje Pompstra net mei, want Mem wie krekt wat opknapt fan in hernia en der sit heit mei de foet yn it gips.

We winskje elts in sûne simmer ta en in blessuerfrije start fan it seizoen 2009-2010.

Resultaten

As we de wedstriid tsjin LSC 1890 A2 meitelle (0-1) binne we as SDS A1 eindige op in 7e plak mei 20 wedstriden spile, 8 wûn, 3 gelyk en 9 ferlern, 27 punten, 63 goals makke en 72 tsjin.

Sjoen it hiele seizoen en wienen we konstanter west dan hienen we meidien om plak 2 as 3. Mar dat dienen alle ploegen by de earste 7! Hiele gekke útslaggen. De kampioen ONSTOP'63 A1 hie sels 17 ferliespunten!

De ploech fan de kompetysje wie foar my Makkum A1. Dizze ploeg stie earst stiif ûnderoan, mar nei de winter kamen hja heger en heger en koenen sels ONSTOP'63 noch bedryge! Klasse Makkum!

Topskoarder

Namme	Doelpunten
Andries Brinksma	15
Jacob van Wieren	14
Wytze Lanting	13
Freek Tichelman	6
Bauke Jan Plantinga	6
Arjen Los	3
Jort Strikwerda	3
Doede Kooistra	2
Jarco K. Pompstra	1



Andries is dus topskoarder wurden fan SDS A1. Der hat hy al efkes oer yn sitten, want hy moast út need wolris (3x) op de loftsefter spylje. Dat

wie him einliks net nei't sin, mar hy die dat geweldich!

Jacob skeat der wat minder ien as ferline seizoen en Wytse makke syn 13 kompleet mei de streep fan 30-35 meter yn de lêste wedstriid!

Trainingen en wedstriden

Oer it hiele seizoen wurdt de opkomst op de trainingen byhâlden. Guon spilers misse wolris om it wurk (wurdt fan te foaren oanjaan). Oare spilers kin mar 1x yn de wike traine (studearje op in oar plak yn it lân) as der binne blessures. It ôfsizzen foar trainingen waard wol aardich dien, mar koe better. Sa kaam it foar dat Lody somtiden mei 5-6 man op it fjild stie. En as it hurd waaide en reinde waard der wolris 'te betiid' ôfmelden foar de training.

De lêste wiken koe ik net alles byhâlde troch myn blessuer, mar hjir it oersjoch wat wol in aardich byld fan it seizoen jout. Fan de 72 trainingen (moandei en woansdei) binne der 18 ôflast en bleaunen 54 trainingsjûnen oer.

Namme	MaWo	MaWo%
Ewout de Boer	53	98,1%
Jacob van Wieren	52	96,3%
Bauke Jan Plantinga	51	94,4%
Jelte P. Dijkstra	50	92,6%
Wytze Lanting	47	87,0%
